

Oan de leden fan de **Feriening Frysk Underwiis**

Itens, 14 maaie 2007

Achte leden,

Yn ús brief fan 16 febrewaris lêstlyn hawwe wy jimme te witten dien, dat de **jiergearkomste 2007 op tongersdei 7 juny** holden wurde sil. Tagelyk mei it kongres **Fierder mei Frysk V**. Der is net allinnich in feestje te fieren, omdat yn 1907 foar it earst provinsjaal subsidyzje loskaam foar lessen Frysk yn de boppebou fan de (doe) legere skoalle, mar ek omdat de nije metoade Frysk foar it fuortset ûnderwiis presintearre wurde sil ûnder de namme **FReemwurk**. Dy presintaasje en alle oare aktiviteiten lykje ús tige nijsgjirrich.

Nei ôfrin fan it kongresprogramma wolle wy yn ien fan de sealtsjes fan hotel *Wyswert* ús húshâldlike gearsit hâlde. Wy jouwe de leden graach de kâns om wat fan it wurk fan de **FFU** te finen en mei mooglike krityk en ideeën te kommen. Wy hoopje in protte leden op 7 juny in wolkom taroppe te kinnen, omdat in goede opkomst ek draachflak betsjut foar it krewearjen fan it bestjoer. De feriening binne wy mei-inoar.

De stikken foar de jiergearkomste binne al yn febrewaris tastjoerd en wol:

- it ferslach fan de *jiergearkomste* fan 1 febrewaris 2006 (ek te finen op ús webstek ûnder 'Ferslaggen');
- it *jierferslach 2006* (ek oan te klikken op ús webstek ûnder 'Ferslaggen').

It **kongresprogramma** duorret fan 9.00 oant 16.30 oere. Plak: **Hotel Wyswert (CHN)**, Rengersleane 8, Ljouwert.

As jo fan de kongresadministraasje gjin útnoeging mei programma krigen hawwe, dan kinne jo it oer de e-post oanfreegje by it kongresburo grytelsinga@hetnet.nl of fia postadres: **Kongresburo Fierder mei Frysk**, frou Gryt Elsinga, Canterstins 6, 9051 HL Stiens.

In *gearfetting* fan it kongresprogramma dogge wy by dizze útnoeging.

De **jiergearkomste** fan de **FFU** is fan **17.00 oant 18.00 oere yn lokaal 039**.

De wurklist:

1. Wolkom
2. Fêststellen fan de wurklist
3. Ferslach jiergearkomste 1 febr. 2006
4. Jierferslach 2006
5. Finansjeel ferslach en ferslach kaskommisje
6. Beneaming nij lid kaskommisje
7. Aktuele saken
8. Omfreegjen en sluten

Ut namme fan it **FFU**-bestjoer,
mei freonlike groetnisse en graach oant sjen,

Tom Dykstra, *foarsitter*

Kongresprogramma **Fierder mei Frysk V** (gearfetting)
fan de *Vereniging Leraren Levende Talen*, seksje Frysk

9.00 Ynrin en ynskriuwing

9.30 Wolkom troch VLLT-foarsitter Babs Gezelle Meerburg en iepening troch Marianne Bodde,
foarsitter lanlike feriening VLLT

9.45 Jongsma en Popkema oer it **Freemwurk**-projekt

9.55 Oanbieding eksimplaar **Freemwurk** oan de deputearre fan ûnderwiis

10.10 Kofje mei gebak

10.30 Lêzing fan ûntwikkelingspsycholooch Gerrit Breeuwsma oer *taal* en *tinken* (en *tinken yn taal*)

11.30 Earste omgong wurkwinkels:

a. *Freemwurk* ûnderbou

b. *Freemwurk* tmbû/vmbo boppebou GT (Mingd-Teoretysk)

c. *Freemwurk* boppebou (twadde faze)

12.20 Lunsj mei muzyk

14.00 Dichter Tsead Bruinja

14.30 Wurkwinkels twadde omgong:

a. *Taalsintrum Frysk*: Frysk as fiertaal

b. *EduFrysk*: it ynsetten fan nije media as *video-conferencing* en *webbased content*

c. *Mercator*: Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen

15.20 Tee

15.40 Wurkwinkels tredde omgong. Seleksje op basis fan de opjeften

16.30 Ofsluting & buorrel

Kosten kongres:

De priis foar it kongres is € 100

VLLT-leden: € 65

Studinten mei stúdzjefinansiering: € 25

De oanmelding is pas definityf as de *tastjoerde rekken* betelle is.

Oanmelde foar 23 maaie.

Jo kinne ús *FFU*-jiergearkomste fansels ek los fan it *VLLT*-programma besykje
(gjin kosten).